

# In jonge neamd Tryn

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

doe"k trije wie naaide ús heit der út en hy liet foar ús mem en my gjin sprút      A D  
allinne de âld gitaar en in lege flesse wyn      E7 A  
ik nim him net kwea ôf dat hy by ús wei gie, mar 't gemienste dat hy doe noch die      A D  
wie, ear't er fuort gie, dat er my neamde: Tryn!      E7 A

hy fûn dat sels tink in grutte mop en al syn freonen laken har slap  
en it wie al moast ik fjochtsjend it libben yn  
as in famke gibeke krige'k in kaam, as in jonge gnyske dan sloech ik him laam  
ja, it libben is swier foar in jonge Tryn  
    mar ik waard gau grut ewn gau gemien mei in skerpe kop en in gesicht fan stien  
    en besocht myn skamte te ûntflechtsjen troch it lân  
    en ik swarde in djoere eed op in jûn: ik soe sykje oant dat ik him fûn  
    en ik soe him deadzje mei eigen hân  
ik kaam ris yn de wâlden yn de Westerein en de droechte wie my op it kielsgat slein  
dat ik stoppe dêr en soe de kroech mar yn  
mar ik seach, amper de drompel oer, dêr oan de taap, geweldich stoer  
dêr stie dy âld smoarch bok dy't my neamde Tryn  
    myn eigen heit wist ik dat er wie, fan ferware foto's dy't ús mem noch hie  
    dy groede boppe syn boaze each koe'k skoan  
    hy wie grut en grou en griis en âld en ik seach him oan en myn bloed waard kâld  
    en ik sei: myn namme is Tryn, hoe is't mei dy? no giest der oan heite!  
no ik rekke him hurd tusken de eagen yn en hy gie ûnderút, mar dat wie mar skyn  
want hy helle mei in knyft in stik fan myn ear en myn hier  
doe sloech ik him in stoel lyk oer de âld snút en wy donderen dwers troch de finsters der út  
fjochtsjend en grânzgjend yn 'e blubber, it bloed en it bier  
    ik wolris fochten mei in taaier hear, mar ik wit perfoarst net mear wannear  
    hy skopte as in ezel en biet as in krokodil  
    hy lake rau en flokte heas, griep syn pystoal, mar ik hie mines earst  
    en hy stie my oan te sjen en glimke stil  
hy sei: soan, de wrâld is rûch, wolst wat wurde, wês net slûch  
en ik wist ik koe dy net helpe op dyn libbenswei  
dat ik joech dy dy namme en ik ferdwûn, en do soest of taai wurde, of ûnder de grûn  
en krekt dy namme dy holp ta dyn waaksen mei  
    ja, do fochtest niis in donders gefjocht, do meist my deadzje, do hast it rjocht  
    mar do moast my al tankje ear't ik stjer  
    foar de murch yn dyn bonken en de moed yn dyn hert  
    want ik bin dy âlde sek dy't dy neamde Tryn  
ik stoppe it sjitark fuort, dit rekke my skoan en ik neamde him heit, en hy neamde my soan  
en doe't ik fuortgie, seach ik it efkes oars yn  
ik tink noch wol oan him út en troch as ik ien ferslein foar my lizzen sjoch  
mar as ik oait in soan krij, dan neam ik him Jan, Pyt of Klaas, mar gjin Tryn!